

**FRYSLAN-A EKSAMEN**  
**12 april 2014**

**I Tiidwurden**

**(30 min.)**

*Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 66 punten helle wurde.*

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Galery De Blauwe Stikel (1. wêze) in ferboude boerepleats op 'e romte. Adam (2. stean) wat ûnwennich tusken folk dêr't er net ien fan (3. kenne). Manlju en froulju, alle gearre mei in wynglêd yn 'e hân, (4. glimkje) en (5. prate) tsjin inoar. Om't er him net op syn gemak (6. fiele), (7. sjen) er omheech en (8. meunsterje) it mûge byntwurk. In frou (9. jaan) in gjalp as er by ûngelok de wyn út har glêd (10. stompe). Deun by him lâns (11. wrakselje) Barbara tusken it folk troch. Se (12. laitsje) nei him en (13. roppe): '(14. Fermeitsje) do dy wat?'

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 12 punten.*

Barbara (1. wurde) al gau wer wei yn 'e mannichte. Adam (2. sykje) in gaadlik plakje op. Njonken wat drok petearjende hearen (3. bliuwe) er stean. In man (4. skraabje) de kiel en (5. hjitte) elkenien wolkom. It (6. wêze) de seremoanjemaster. Hy (7. jaan) earst it wurd oan drs. Karst Keizer, de keunsthistoarikus. Keizer (8. begjinne) in yngewikkeld ferhaal oer de ljochtwurking yn de skilderijen, oer de lânskiplike ferhâldingen en hoe't dy (9. gearhingje) mei in dynamyske kleurstelling. Mei grutte wurdearring (10. priizgje) er de kompositoaryske harmony fan Barbara har skilderijen.

Keizer en de seremoanjemaster (11. noegje) de boargemaster út foar de iepening fan de útstalling. Boargemaster Symensma (12. sizze) tige bliid te wêzen mei sa'n keunstner yn syn gemeente.

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

Symensma hie him (1. ûntskuldigje) foar it feit dat fanwegen oermacht de snieskower fan 't winter net oan har doar (2. takomme) wie. Sa hie frou Appelaar in pear wike fan de bewenne wrâld (3. ôfslute) (4. wêze). Mar hy hie mei blydskip (5. memorearje) dat dy isolearring fertuten (6. dwaan) hie. De boargemaster hie syn lof (7. útsprekke) oer it wurk dat Barbara dêr fan 't winter yn dy kâlde tsjerke op dy iensume klaai (8. meitsje) hie.

Adam hie al dy taspraken (9. oanhearre) en wie dêrnei by de skilderijen lâns (10. rinne). Hy hie skoften foar de skilderijen (11. stean), mar hie himsels dêr net op weromfine (12. kinne). En dochs hie hy fan har (13. begripe) dat se him ferskillende kearen (14. skilderje) hie.

Ut: Durk van der Ploeg, *De Sniewinter* (oanpast)

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarmen dy't tusken heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy hat der lang oan (gewerkt): Hy hat der lang oan wurke. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.*

1. Yn de lêste twa wike fan jannewaris (vroor) it ôfgryslík.
2. Do (raakt) de bal krekt net.
3. Jimme (koken) moarn it iten.
4. Jeltsje hat juster neat (gemerkt) fan dy swiere stoarm.
5. It (lukte) net om de wedstryd te winnen.
6. Ik ha it iten noch net (geproefd).

*E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de twa tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 10 punten.*

1. Jan seit dat de ûle wer (fuortfleane, wêze).
2. Wy koenen it hynder fan de tribune ôf net (sjen, springe).
3. Ik tink dat hy de ferkearde konklúzje (hawwe, lûke).
4. Dat hiesto wol (moatte, witte).
5. Wêrom is er op 'e grûn (gean, lizze)?

*F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.*

1. Weet jij ook of daar binnenkort een huis wordt gebouwd?
2. Als het blijft vriezen, kunnen wij over een paar dagen op de ijsbaan schaatsen.
3. Jan twijfelt nog of hij mee gaat doen aan die wedstrijd.
4. Toen ik daar kwam kijken, zag ik hem net weglopen.
5. Wacht niet te lang, want dan kunnen wij geen boodschappen meer doen.